Skriuwerskip:
Drs. S.T. Hiemstra
G. Sondermanstrjitte 29
9203 PT DRACHTEN

Feriening Frysk Underwiis & Ried fan de Fryske Beweging

In mienskiplike reaksje fan de *FFU* en de *Ried fan de Fryske Beweging* op de konseptûnderwiisnoata *Boppeslach* fan juny 2006, útsprutsen troch Tom Dykstra op 18 okt. 2006 yn in gearkomste fan de steatekommisje *Boarger en Mienskip*

Yn 1907 hawwe de Steaten fan Fryslân in subsydzje beskikber steld foar lessen Frysk op de legere skoalle bûten skoaltiid. No, yn 2006 - in ieu letter - jout it lêste ynspeksjerapport *Frysk op skoalle (De kwaliteit fan it fak Frysk yn it primêr en fuortset ûnderwiis yn Fryslân)* oan dat der yn ferliking mei eardere ynspeksje-ûndersiken gjin foarútgong fan betsjutting is. En dat nei alle wetlike maatregels foar it Frysk, it *Europeesk Hânfêst foar minderheden*, it *Kaderferdrach* en de *Tredde Bestjoersoerienkomst* mei it Ryk! En dat yn in demokrasy mei as skaaimerk it rjocht op bestean foar *minderheden*!

De yn mearderheid Hollânske en Hollânsktalige skoalle hat der yn de ieu dy't efter ús leit, altiten foar soarge dat de bern analfabeet bleauwen yn de eigen taal en kultuer. De skoalle leit dan faak de skuld wer by de âlden: sy soene Fryske lessen net wichtich achtsje. Yn it niisneamde ynspeksjerapport wurdt lykwols konstatearre dat de âlden - sawol út basis- as fuortset ûnderwiis - in stik positiver tinke oer it fak Frysk as direksjes en learaars.

Foarsitter, dizze oanrin hie ik efkes nedich om de opfettings fan de *Feriening Frysk Underwiis* en de *Ried fan de Fryske Beweging* yn it koart dúdlik te meitsjen. Op 2 oktober lêstlyn hawwe wy jimme ommers al in brief oer *Boppeslach* takomme litten mei ús opmerkings oer wat de provinsje as earstferantwurdlike oerheid foar it Frysk dwaan kin en dwaan moatte soe. Wy binne der wiis mei dat wy mei dizze noata in pear stappen fierder komme kinne as yn 1907. Mar de kaaifraach is fansels oft dizze noata it antwurd jout om de negative spiraal dy't foar it Frysk te merkbiten is: twatalige Fryske bern brûke hieltiten faker en mear Hollânsk mei leeftydsgenoaten, om te bûgen nei in positiven-ien: twatalige net-Frysktalige bern brûke yn de omgong yn Fryslân hieltiten faker it Frysk. Want dêr moat it op ta! Mei in opfetting dat Frysk 'fun' wêze moat of 'seksy', sil dat perfoarst net slagje. Likemin as mei it nei ûnderen ta bystellen fan kearndoelen en likemin mei allinnich it útbringen fan in nije keapsjogge metoade foar Fryske taal, al hoe weardefol oft dat op himsels ek is. Dêr is folle mear foar nedich!

It freget likegoed om in goed trochtochte fan-ûnderen-op-strategy as ien fan-boppen-ôf. It freget net allinnich om *oansprekkend*, mar ek *kwalitatyf goed* materiaal. In stratezjy dy't him net allinnich beheint ta it oertsjûgjen en begelieden fan ûnderwiislju dat it Frysk fan belang is, mar likegoed dingen foarskriuwt en kontrolearret. Ommers, op it stik fan it Hollânsk, almeast iensidich oantsjut as *Nederlandse Taal* - as soe it Frysk gjin offisjele taal yn Nederlân wêze - is de Haachske stratezjy perfoarst net rjochte op 'fun' en uterlikheden. As it om it Hollânsk giet, dan draait it om it fûleindich neistribjen en heljen fan de *kearndoelen* foar dy taal, om goed en genôch *materiaal* en om in *strange kontrôle*. En as de ynspeksje efterstannen sinjalearret, dan binne der miljoenen beskikber foar it gemeentlike ûnderwiisefterstannebelied (GOA) en komt men by de ynspeksje op de swarte list. Dan giet it absolút net om 'fun', dan wurdt der yngrypt.

Foarsitter, ik wol nochris wize op wat oaren yn de reaksjenoata ek al oer de opbou fan *Boppeslach* opmurken hawwe. Nammentlik, dat der yn de noata oan de iene kant in frjemde spanning sit tusken de mjitkultuer fan hjoed de dei dy't benammen rjochte is op it opheffen fan *ûnderwiisefterstannen* (rekkenjen en *taal*, *Nederlânske* Taal dus), en dat oan de oare kant besocht wurdt om yn termen fan *yntegraal taalûnderwiis* it Frysk meiliftsje te litten ûnder de neamer fan 'ferheging fan it ûnderwiispeil'.

Konsintraasje fan it ûnderwiis op de neamde twa fakken fanwegen dy mjitkultuer is gjin optochte teory. It nijste ynspeksjerapport jout oan, dat guon skoallen no al minder oan it Frysk dogge, omdat se de tiid brûke wolle foar ‘rekenen en *Nederlandse* taal’. Dêr wurde se ommers op ôfrekkene.

De opbou fan de noata soe neffens ús sa wêze moatte: earst soe it oer it *twa-/trijetalige karakter fan it ûnderwiis* yn ús provinsje gean moatte, dan oer de *kwaliteitsfraach* en as lêste soe de noata oanjaan moatte wat der dien wurde moat *as de kwaliteit fan it ûnderwiis - ek yn dy trije talen - net goed* is. Frysk wurdt jûn, omdat der in Frysktalige befolkingsgroep is en efterstannen komme ek by Hollânsktalige en Ingelsktalige bern foar.

Ek de klam dy’t yn de noata lein wurdt op doelstellings dy’t formulearre wurde neffens de SMART-systematyk, bygelyks dat de ûnderwiiskundige kwaliteit sa wurde moat dat Fryslân ‘tot de top drie van ons land […] behoort’, klinkt moai en liket hiel modern, mar it gefaar is grut dat de skoallen har dêrtroch fierhinne beheine ta it boppeneamde smelle kurrikulum fan twa fakken, fanwegen de lanlik opleine toetsen dêrfoar.

Foarsitter, wat ús foar eagen stiet om foar it ûnderwiis yn it Frysk de kommende jierren in *boppeslach* te meitsjen, is it neikommende:
1. It Frysk wurdt in *normaal, dus ferplichte ûnderdiel* fan ús *hiele* ûnderwiis, fan pjutteplak oant en mei hegeskoalle, mei genôch ûnderwiistiid om doelen te berikken dy’t op syn minst lykweardich oan dy foar it Hollânsk binne.
2. Op alle basisskoallen wurdt in trijetalige oanpak hantearre dy’t konsekwint trochset wurdt oant en mei de pabû’s fan de hegeskoallen. It eksperimint mei de trijetalige basisskoalle hat oanjûn dat soks hiel goed mooglik is.
3. It gear te stallen ûnderwiislearmateriaal moat *yntegraal* (bygelyks yn *ien* taalmetoade) yn dy trijetalige kontekst de bern *systematysk* en *longitudinaal* de oerienkomsten en ferskillen tusken de trije talen bybringe op it stik fan taaleigen en taalregels. It Frysk wurdt no hieltiten mear Frollânsk, in griemmank, omdat de bern gjin goed ynterferinsjebestridend ûnderwiis krije.
4. Der moat, neffens bûtenlânske foarbylden in ‘Sintrum foar de Fryske taal en kultuer’ komme om de fersnipeling en it byinoar lâns wurkjen fan hjoeddeiske organisaasjes op it mêd fan de Fryske taal en kultuer foar te kommen of op te heffen.
5. Wy misse yn de noata in oanset om te kommen ta in *kanon* foar de Fryske taal en kultuer. Wy hawwe jimme dêr earder mear as ien kear yndachtich op makke. Fan in lanlike kanon hoege wy neat te ferwachtsjen, sa hat earjuster bliken dien.
6. Wy binne it tige iens mei de oanbefelling yn it niisneamde ynspeksjerapport dat de oerheid soargje moat foar better tafersjoch op it ûnderwiis yn it Frysk.

De Steaten fan Fryslân sille no sels beret it heft yn hannen nimme moatte as it giet om it hoedzjen en noedzjen fan ús eigen taal en kultuer. Dêr heart in provinsjaal foech foar it ûnderwiis by en it rjocht om sels op dat stik yn ’e mande mei De Haach de ûnderwiiswetten en -regels fêst te stellen, d.w.s. ‘medewetgever’ te wurden.

Th. Dykstra,
foarsitter FFU